



Artikel 214 B.W. of: it wiif is forplichte hjar man to folgjen : blijspil yn ien útkomste

<https://hdl.handle.net/1874/231527>

mm 010090



ARTIKEL 214 B. W.

OF
It wiif is forplichte hjar man to folgjen.



Blijspil yn ien útkomste,

Frij nei it Frânsk,

TROCH

W. VRIJBURG.

J. KUIKEN jz. — ST. ANNA-PAROCHIE.

PRIJS : 1 ex. 60 ct., per 5 ex. à 50 ct.

1896



Artikel 214 B. W.

of

It wiif is forplichte hjar man to folgjen.

Blijspil yn ien útkomste,

Frij nei it Frânsk,

TROCH

W. VRIJBURG.



S P I L E R S :

BRJUCHT.

TRYN, *syn wiif.*

ARJEN,

DOUTSEN, *syn wiif* { *Frjeunen fen*
Brjucht en Tryn.

OETS SNIJSMA, *doarwaerder.*

Artikel 214 B. W.

OF

It wiif is forpliche hjar man to folgjen.

It stik spilet by Brjucht oan hûs. It toaniel forbildet in gnappe keamer. Bij 't opgean fen 't kleed sitte Brjucht en Tryn elts oan in kant fen de tafel; hja binne gnop yn 'e klean. Op 'e tafel stiet kofjereau; op in stoel bij Tryn stiet in koer mei naei-goed; op 'e eftergroun in kasje. (As efter in doar is, kin 't kasje oan 'e kant stean.)

Iste Toaniel.

Tryn (hja giet lilck oerein, smyt it naeiwerk, der hja mei dwaende wier, yn in hoeke, pakt it breaspil op en set it thêgoed rimpen yn elkoar. Dan seit hja):

Min scoe kûgelsk wirde, dat is sa! Aekeliger kearel astou ien biste, moat er noch berne wirde. Ik krij myn nocht sa skien as iten.

Brjucht, (nimt syn kopke):

Ja, aste ienkear sêd biste! Dat wol 'k wol leauwe; mar hou ris! ik moat earst de boel noch hwet delspiele. Sêft hwet mei 't jong hynder, Nynke, net sa rimpen! Moeke wirdt brimstich, hear!

T r y n.

Wa scoe *net* brimstich wirde? It koe wol bikind stean, dat it er altyd op oanlein wirdt om mij poer to krijen. Iiwich datselde geseur. As Oets hjir neat útsette kin, dan dij de holle oerstjûr to meitsjen mei dy artikelderijen, dan kin er for myn part yn 'e loft fleane. Hwet ha wij ljue mei sok wette-gedoente to meitsjen? Mar it is er him en dij beide om to dwaen om mij likk to meitsjen, sa 't liket.

B r j u c h t.

Ei jonge né ju, dat is alhiel myn bidoelinge net. O donder né, ik ha ljeafst alle dagen in sneinsk gesicht fen dij. To ju! laitsje mar ris! It hoeft net lûd to barren, in bytsje glimkje is foldwaende. Dat koêste yn dyn fammetiid sa aerich lappe; sjoch! sa, (*hij docht it hjar foar*) mei de mûle sa 'n bytsje yn 't kier. — Né fanke, ik mien it altyd like goed mei dij, dat witst' wol.

T r y n (*nimt hjar naeiwirk wer op*).

Ja, ja, dat ûnderfyn ik wol. Mar ik ha dij *dit* nou to sizzen: ik krij myn nocht fen dyn gehún, hear! Ophâlde seil 't.

O a r d e T o a n i e l.

A r j e n, *ynkommende (op syn sneinsk klacid.)*

Hui, hui! Net sa lûd, froutsje! In bytsje oan 't harrewarjen? Net rjucht lyk meinoar fine? Né, sa kin 't sims ris wêze. Dat giet rounom sa: sa sit de wyn yn *dy* hoeke en yn in omsjoch blaest er fen in oare kant. 't Is in boel mei Baeije! Mar *ik* sei fen „joun!” (*Brjucht en Tryn sizze ek „nafend” of sahwet.*)

Brjucht, *laitsjende*.

Kom Arjen, bist' der al? Nou, ik seil myn kofje opdrinke en dan Der founste ús hast deilis togearre, hè?

Tryn.

Ja, Arjen, ik ha in hel op ierde. Brjucht docht sa'n godsgânskelike dei mar neat as húnen en pleagjen. Dou mochst' him wol ris goed ôfranselje mei in stefig ryske, dan hie er syn fortsjinne lean.

Brjucht.

Hear hjar ris! Net min, wol? Hark ris, Arjen, dou bist' noch al moai bitoefd; dou moaste mar as skiedsrjuchter bineamd wirde, op in fêst traktemint fen deis twaris neat.

Tryn.

Dou moast' nou mar gjin healwize setten mear úthelje; bigjin der nou mar net wer oer. (*Tsjin Arjen* :) Ho is 't mei Doutsen?

Arjen.

Tige bij tige! 't Ald minske is sa fluch as in biezem, hja seil hjir daelik bij mij komme; wij scoene nei 't Nut.

Brjucht.

O ja, dat is *joun*, 't is ek sa. Nou, nou, nei 't Nut! Jimme forkomme 'r mar op. — Mar dou hast hjir wol earder west, net? (*Arjen nimt in stoel en giet sitten*.)

A r j e n.

Mar wer hiene jimme nou eigentlyk rûzje oer ?

T r y n.

Och, it is tsjinwirdich altyd weroan it selde gesanik mei Brjucht. Hij hat it altyd oer 't boargerlyk wetboek, sa as hij dat neamt, en binammenoer artikel 214. Der liket him de plasse fol fen to sitten.

B r j u c h t.

Ja, wyfke, ik siz mar (*Tsjin Arjen:*) Wost ek opstekke, Arjen ?

A r j e n.

Né, ik seil daelik mar net rooke. 't Sit mij hwet skerp foar de kiel.

B r j u c h t.

Ik siz — en dat hâld ik fol — dat stou ûngelyk haste, Tryn ! Ik siz dat it tige forstânnig is hwet biskreaun stiet yn de artikels 212, 213 en 214 fen it Boargerlyk Wetboek, sexte kapittel, oer de rjuchten en forplichtingen fen man en wiif.

T r y n.

Ja, 't is hwet moais !

B r j u c h t.

En ik siz er bij dat, as 't wiif dat goed fettet — net de letters derfen, mar foaral de geest — dan seil hja

T r y n, *ynfallende*.

Jonge ja ! 't Is krekt as wij oars neat to dwaen hawwe as to studearjen oar de geest fen de letter fen de wet ! Ik wol mij mei dat hiele wetboek net bimoeije, like min mei de geest as mei de letters. Né, heite, der forgriem ik myn tiid net mei.

B r j u c h t.

En ta dyn stichting en leering ha ik it dochs op 't kasje lein, flak foar dyn eagen.

T r y n.

Tinkst' dan dat ik sitten gean seil om yn dat droege wetteboek to studearjen en ús de flarden en bellen fen de klean neifleane to litten ? Jister ha 'k de hiele dei op dyn forklaijersbroek omhinge, om der nije knibbelstikken moai op 'e streek ôf yn to krijen. Dat wie artikel *ien*. Jisterjoun, ta yn 'e nacht, ha 'k sitten mei dyn fesje, der moast abslút nij lint om ; dat wie artikel *twa*. En fen 'e moarn ha 'k dyn jas en dyn pet boarselferve, dat wie artikel *trije*. Sa stiet it noait stil, it iene artikel jaget it oare en it lêste artikel dêr giet min mei yn 't grêf.

B r j u c h t.

Hear ris ! Krekt in domeny, net ?

A r j e n.

Dou bist' mar in hiele wetteman, dat hear ik al. Mar der kinne de frouljue gjin gedoente mei hawwe; de natûr giet boppe de leare, moast' tinke. Nou, ik moat sizze : ik mei graech frouljue lije, mar for sokken, dy jin altyd de geest fen de letter fen 'e wet ûnder de gével trjúwden, der scoe 'k for troch de feart gean.

Brjucht.

For de oaren ek wol; ik ha dij salang al kind.
Mar as min trouwd is for de wet, op 't grytenij-hûs
ynskreaun en allegearre, en letter yn 'e tsjerke noch
sa 'n wird mennich er oer hinne, dan

Tryn, *ynfallende*.

To nou! Kinst noch net mear liege? Binne wij
yn de tsjerke trouwd? Ik leau dat it wetboek dij
alhiel yn 'e lorum nomd hat.

Brjucht.

Noch net mear liege, seiste? Binne wij net nei
de tsjerke west, die sneins? Ik hear de âlde domeny
noch wol jeuzeljen.

Tryn.

Nou, derom binne wij noch net yn 'e tsjerke trouwd!

Brjucht.

Wij hawwe 'r dochs west. (*Laket*) Och heare, ik
sjoch mij noch wol mei de kachelpipe op. Mar op
'e grytenije, der waerd ús eigentlyk 't leksum lêzen.
Mar hja hawwe der dochs it sexte kapittel oerslein.

Tryn.

Wa?

Brjucht.

Wol, de boargemaster! (*Wizende*) Sjoch! der siet
de boargenfader, der op *dy* stoel! . . .

T r y n.

Ei ju, mälle fint! de boargemaster hat hjir noch nooit in foet oer 'e drompel set.

B r j u c h t.

Né, dat wit ik ek wol. Mar 't is mar bij wize fen sprekken, ik bidoel

T r y n, *hastig*.

Ja, dou bidoelste de letters fen de geest. As min net better wiste, scoe min sizze dat stou dronken of gek wierste.

B r j u c h t.

Nou, dronken dat scoe noch gean, mar nei Freantsjer, der tankje ik foar. Né, dou moast ljeafer nou ris efkes mei mij wer nei 't grytenij-hûs gean, den seil 'k dij dúdlik meitsje

T r y n.

Ik seil dij hwet lakke! Dy iene kear hat mij al moai genôch west.

B r j u c h t.

't Wie al wer bij wize fen sprekken. Ik woe sizze: tink yet ris efkes oan dat amerij, oan dy dei, do . . .

T r y n, *hastig*.

Dy dei! Der tink ik fakernôch oan. Dy leit mij swier genôch op 'e lea.

B r j u c h t.

Goai er him dan ôf. Margekheid is gekheid : dou hast wol heard, hwet de boargemaster do sei, nou?

T r y n.

Tochtste dat ik nei dy sedepreek heard hie? Né, der wit ik neat mear fen ; der stie in silferen skille op 'e tafel, dat ha 'k wol sjoen.

B r j u c h t.

Jonge, jonge ! It is dan allerbinauwdst ; dit raest oan de stearren. Net iens nei de boargemaster heard ! Goede frede en gjin ein, sa binne de frouljue nou altyd ! Sa'n silveren tafelskille hat hja wol sjoen en sa'n goede, dikke, âlde boargemaster net ! Foi ! foi !

T r y n.

Dat siz ik net, wol, dat ik dy man net sjoen ha. Mar ik ha net nei syn grommeljen harke.

B r j u c h t.

Goddeloas is 't, dat moat ik sizze. De earste fen 'e grytenije, deftig yn 't swart, mei in postuer as in korperael, — wudden, de iene al dreeger as de oare en sokke frouljue tinke om hiel oare dingen, om sa'n silveren skille. (*Sködholyjende*) Ho is 't yn 'e wrâld moochlik ?

A r j e n.

Omdat dy skille fen silver wie, nou ?

Tryn.

Tochten jimme dat ik mij sa'n dei ophâlde mei de saeije wudden fen in boargemaster? Né, ik hie wol oan hwet oars to tinken, bûten dy skille om. Derbij, de lykdoarnen pleagen mij sa yn de nauwe skoên, dy Piter mij for dy gelegenheid makke hie. Ik prakkesearre op 't gemeintehûs er dos ek al oer, ho ik mei fetsoen de striette wer lâns komme scoe.

Brjucht.

Nou, dat wie ek in great stik wirk. Sa'n hoanestap!

Tryn.

Ja, mar 't wie mij net like folle ho. Ik woe der doch net hinne hippe as in oanskettene hazze.

Brjucht, *tsjin Arjen.*

Hear se's! Is 't net in meraekel? Ja, ja, 't wirdt ho langer ho moaijer, dy lykdoarnen ha 'k ek al mei bitrouwd. Mar nou it dan blikt dat stou hielenal net heard haste nei de boargemaster, nou seil ik dij dan dôch ris foarlêze (*Hij giet nei de kast om it wetboek.*)

Tryn.

Hâldst net wer op mei dy gekke kuren?

Brjucht, *tsjin Arjen.*

Ik ha 't wetteboek fen Snijnsma to lien; mar 'k ha sels ek ien bisteld. (*Hij hâld Tryn it boek ta.*) Hjir, lêz it sels mar ris oer.

Tryn, (*slacht him it boek út de hannen*).

Dou scoeste jin rasend meitsje mei dat smoarge boek. As 't in oar sines net wie, dan stiek ik it yn 'e kachel.

Arjen, *tsjin Brjucht*.

Kom, lit Tryn nou ris mei rêst. Dou moast net to lang oanien hûne, baes! dan wirdt it forfelend en rint it wol ris op bargebiten út. (*Fin siden tsjin Brjucht*.) Ik woe dij wol efkes allinne sprekke; kinst' hjar net efkes foart krije?

Brjucht, *seaft tsjin Arjen*.

'k Scil 't prebearje! (*Lûd*) Tryn moat dochs earst ris goed witte hwet yn dy artikels stiet en dat kin nou tige moai, sûnder forfelend to wurden. Sjoch, ik scil nou de boargemaster fortoane. (*Tsjin Arjen*) Gean dou nou nêst myn wiif sitten, den binne jimme de jongeljue.

Tryn. (*Hja giet driftig oerein en smyt it naeiwerk wer op 'e koer*.)

In grap kin 'k wol ha, mar sa'n pleagerij is net út to stean. (*Hja set it thégûd hwet torjuchte en op 't kasje*.)

Arjen, *tsjin Brjucht, seaft*.

Ja, jonge, dou moast útskiede. 't Giet to grou.

Brjucht, *tsjin Arjen, as foaren*.

Dou wolst hjar foart ha, nou? (*Hij lêst lûdop*;) „Over de plichten der echtgenooten.” — Hear nou ris goed, Tryn!

Tryn, *likk.*

Ik kin 't net langer úthâlde; min scoe jin bi-jaen, dat is wier. Dou biste de greatste minskepleager, dy op twa skonken rint. (*Hja giet driftig ôf en nimt de breaboel enz. fen 'e tafel mei.*)

3de Toaniel.

Brjucht.

Nou, nou is hja foart! Ik scil bij 't kapittel oer it trouwen nou mar in tear dwaen en dan it boek yn hjar naeikoer lizze. (*Hij docht dit.*) Sjea sa! (*Tsjin Arjen*) Hwet woeste mij nou to witten dwaen, dat it wiif net witte mocht?

Arjen, *hwet forlegen.*

Ja, hm! dou moast mij efkes bijstean as 't kin. 't Sit mei mij hwet dwers foar 't krús op 't eagenblik.

Brjucht, *sjocht him skean oan.*

As 't om jild to dwaen is, dan bist' oan 't forkearde kantoar, heite! 't Is hjir dermei ek nacht yn 'e naene.

Arjen.

Né, 't is gjin jildkwesje; ik kin myn boeltsje tige goed stouwe! Mar sjoch

Brjucht.

Nou, komt it hast?

Arjen.

Sjoch 't is eigentlyk neat oars as in boadskip, dat stou joun efkes for mij opknappe moaste.

Brjucht.

As 't oars net is! Dat nim ik op slach oan, al wit ik er noch neat fen hwet it is. 'k Ha dij al sa faeks ris út de brân holpen mei skeane karweikes, en, bûtendien, ik ha joun dochs hwet in núver sin. As we hirde wyn krije of ûnwaer, ik wit it net, mar it rommelt mij sahwet yn 'e hersens.

Arjen, *hwet skrútel en nou en dan ris omsjende nei de doar.*

Ja, der wirdt dan wol ris sein, lyk astou ek wol witte seilste, dat ik myn wiif.....dat ik Doutsen nomd ha om hjar jild. Mar sjoch.....hm!.....dat binne mar praetsjes. Hja is wol 'n jier mannich âlder as ik, mar wij kinne skoan meielkoar.

Brjucht.

Natúrlík!

Arjen.

Ja, ik hâld wrachtig wol fen myn wiif.

Brjucht.

Natúrlík!

Arjen.

Ik ha hjar net nomd om dy pear sinten, dy hja hie, mar om.....è.....

Brjucht.

Natúrlík! Om.....è.....

Arjen.

Mar in minske is gjin ierdapel; hij kin him wol ris forgalloppearje, net wier? En sa sit it nou op dit stuit mei mij; it is donderjen.

Brjucht, *sjocht him skean oan.*

Hwet hast wer úthelle, heite?

Arjen, (*strykt him ris yn syn forlegenheid mei de hân oer de eagen.*)

Och, de beste stroffelt wol ris, nou?

Brjucht.

Ja, stroffelje kin elts.

Arjen, *sjocht skean nei de doar.*

Stil ju! Net sa lûd.

Brjucht.

Ik snap it al sa 'n bytsje. It doocht lang net ûnder 't fesje bij dij. 't Wie dij for in hiel lyts poaske troch de kop gien datste trouwd wierste, hè?

Arjen.

Sa is 't mar, om de wierheid to sizzen. Dou kinste goed riede.

Brjucht.

Nou, stammerje er dan ek sa lang mar net mei om. Hwet bist eigentlyk in greate slynder, Arjen! Koarts hast ek de hiele nacht mei 't jongfolk foar de fioele omhipt. Dou meist wol oan 't tsjûr. Mar siz mar gou hwetst nou wer úthelle haste, hwent Tryn kin ús ek gou wer oer 't met komme.

A r j e n.

Nou dan, Berber wie koarts bij ús to skroarjen en dy ha 'k de jouns efkes thúsbrocht. Hja koe net best allinne op stap, hwent 't wie tsjuster, en reine, man reine!

B r j u c h t.

Soa! Reinde 't sa.

A r j e n.

Bar! Nou, do koe min hjar bij joun en ûntiid net bêst allinne gean litte, n't wier?

B r j u c h t.

Ut noch yndirekt net!

A r j e n.

Nou, ik brocht hjar dan efkes thús.

B r j u c h t.

Oan 'e doar ta fensels en do werom?

A r j e n.

Hm! Nou, mar 't moat ek mar altyd treffe: forline Woansdei tref ik hjar wer bij ús folk oan.

B r j u c h t.

En 't reinde wer dat it spiede, tink!

A r j e n.

Né, do skilde 't waer safolle net. Mar om ús heit in reis to bisparjen — ús mem woe ha Berber

moast dochs efkes thúsbrocht wurde — sei ik, dat ik hjar wol efkes nei hjar hûs bringe scoe. Ik bin net bang for in stap mennich.

Brjucht.

Né, dou bist sa warber as in jachthoun.

Arjen.

Nou, hja woe ha ik scoe efkes mei ynkomme en do ha 'k hwet bij hjar praet. Der keam in slokje bij — hja woe prefoast traktearje — en ho giet it dan? It wie toalf ûre, do 'k thúskoam.

Brjucht, (*driicht him mei de finger:*)

Gnap is oars, heite! Mar 't gefal is net oars.

Arjen.

Ja, it spyt mij genôch en ik scil hjar net wer nei hûs bringe, al komt er ek wer in twadde sûndfloed.

Brjucht.

Nou, 't is wol in himmele widdou. Ik kin bigripe dat it for dij hwet gefaerlik wie mei sa 'n ien ûnder ien pareplú to rinnen en dat scil wol bard wêze, hé? Bûtendien, de handigste faem brekt wol ris in potdeksel.

Arjen, *suchtsjende*.

't Is in bidoeling mei in minske! (*Hij nimt in tabaksdoaze út 'e bússe en kriget der in prûmke út.*)

Brjucht.

Ja jonge, 't hie for dij ek goed wêst, dat Adam

en Eva er mar noait west hienen. (*Sjocht de doaze fen Arjen.*) Mar hwet hast der in divekerse moaije doaze. Dy hat ek splint koste, baes! Dy hast ek noch net lang hawn.

A r j e n.

Né, ik ha him hm ! ik ha him foun, do 'k nei Snits west ha.

B r j u c h t (*hij besjocht de doaze :*)

Foun! — seit er. Ja, it lok moat mar om 'e man siikje, dan is 't gjin kinst om ryk to wurden. (*Hij leit de doaze op 'e tafel.*)

A r j e n.

Mar — om wer op 't gefal to kommen — it aller-gekste is, dat dy Berber mij nou in briefke stjûrt, dat hja joun wer bij ús folk is. Dy divelske blei! Ik moat neat mear fen hjar ha; as myn wiifer hwet fen fornimt, dan is de divel fen 't kjetting.

B r j u c h t.

Dat tanket jou de wearlich; 't is ek gjin gekheid! Mar 't ienfâldigste is dat stou Berber witte litste, dat hja net mear nei dy tiidsje moat, waer of gjin waer.

A r j e n.

Just! Mar ik set net in foet wer bij hjar binnen de doar. En ik moat sa daedlik mei myn wiif nei 't Nut, derom hie ik tocht dat stou joun

B r j u c h t.

Dat ik joun ?

A r j e n.

Nei hjar ta gieste om hjar dat to bitsjuten.

B r j u c h t.

In moai kreweike! Nou, om dij seil 'k it dwaen, mar 'k ha er oars net folle sin oan. En hwet moat 'k dan sizze?

A r j e n.

Hwet dij mar yn 't sin komt.

B r j u c h t.

As ik hjar it bericht ris brocht dat stou dea biste.

A r j e n.

Né, hou! Sokke gekke dingen net. En sa'n leugen koam ommers ek daedlik út.

B r j u c h t.

As ik hjar dan ris sei dat de Heare dij ynjown hat, om

A r j e n.

Né, net sokke *gekke* bitinksels; dou moast de gek er net mei ha. (*Suchtsjende* :) 't Is slim genôch!

B r j u c h t.

Dan datste de koarts haste as in hyndser.

A r j e n.

Ja, dat scoe kinne. En jow hjar dan dizze brief;

(*hij hellet die út de bússe*) hij is iepen, dou meist him wol lêze. (*Hij hellet in flacon út 'e bússe.*) En jow hjar dit as treastpriis; mar dan moat hja bilove, dat hja nea myn namme neame seil.

Brjucht.

Ik seil de buis oanlûke. Wennet hja net bij de . . .

Arjen, *hastich*.

Bij de tsjerkereed, ja!

Brjucht (*hij bisjocht it flacontsje*):

In moai presintsje. Nou, ik seil 't foarelkoar bringe, hear.

Arjen.

Dat is ris tige fen dij. Mar (*hij heart gestommel, sjocht efterom nei de doar en swijt*).

4de Toaniel.

Doutsen, *ynkommende*. (*Hja is hwet âlderwetsk opdien en moat er hwet âlderwetsk útsjen.*)

Der wie 'k al! Nafend, Brjucht!

Brjucht.

Goe joun! Nou, siikje mar plak op.

5de Toaniel.

Tryn, *ynkommende*.

Nafend! Heare minsken, hwet stiet dat er bij; hwet biste opdien, bern! Al wierste de breid, dan hoefde 't net oars.

Brjucht. (*Hij hat de brief en de flacon yn syn jas trjeaun, dy oer in stoel hinget of oan 'e wande.*)

Sa wol hja nou deisk rinne, saun sneinen yn 'e wike, krekt as de greate ljue.

D o u t s e n.

Ei ju, hwet dochste 't wer bryk! Né — Arjen scil 't wol sein hawwe — wij scille nei 't Nut. Ik hie hast tocht, dat jimme ek mei gongen.

T r y n.

Né, der heare wy net bij. Brjucht is al léde-maet fen dat iisspil, mar der profitearje *ik* ek al net folle fen. Brjucht narret mij ljeafer, dan dat er jin ris in pretsje biskikt.

Brjucht.

Myn wiif nimt it libben hwet swiersettig op. En hja tinkt: ieder dûbeltsje is er ien.

D o u t s e n.

Ei nou, ik ben dan oars ek al deun, mar sa 'n inkel pretsje, dat scil 't gat sa heech net smite. Min is mar ien kear jong, hè?

Brjucht, *kin 't laitsjen hast net litte.*

Dat is sa. Mar myn wyfke is ienkear mar fen sok daei.

T r y n.

Ja, ja! Jo moasten ris witte ho'n beul as 't is. — Mar... 't wirdt faeks let, mar oars koene jimme hjir joun wol thédrinke.

D o u t s e n.

Nou, dat moat we dan mar ris sjen.

(*Praet stil mei Tryn.*)

B r j u c h t, *tsjin Arjen, fen siden.*

Dan koe 'k dij meien myn reis fortelle, hè?

A r j e n.

Hâld dy stil, ju! Myn âlde hat earen as in kat.

D o u t s e n, *lûd.*

Nou, jimme geane fen 'e wike; nei de kemeedsje, tink? Der biste noch al in ljeafhabber fen, net? Tryn?

T r y n.

Der kin 'k noch net folle fen sizze. Hja sizze dat alle plakken al forsein binne; 't is der ek sa lyts bij Wiger. In great fjirtig man, dan is 't ek al fol. Mar dat alle plakken nou al forkoft binne!

B r j u c h t.

Dat is net sa 'n wûnder. Dat giet mei de grêven ek al sa; elts wol foarút græch witte, hwer er to lizzen komt.

T r y n.

Hè, hwet dochst it wer raer, net? (*Tsjin Doutsen*;) Habel wie hjir fen 'e moarn; dy tochte dat Oets noch wol in pear kaertsjes oer hawwe scoe. Dy moat twa for in pear néven fen him noam hawwe, dy hjir bij him útfenhûs komme, scoenen; mar nou moat er bericht komd wêze, dat hja net komme,

omdat hja in âlde moaike forlern hawwe. Ik ha Habel do mar bilêste om ris bij Oets foar mij to freegjen as ik dy kaertjes nou ek oerkrije koe; al moast ik der nou ek in stûr mear fen jaen, dat wie ek de hiele wereld net.

D o u t s e n.

Nou, dat seil wol foarenoar komme, As Oets in pear oer hat, dan kinst' dy wol krije, bern!

T r y n.

't Is in aerich ynskikkelik keareeltsje. It frommis, dat him kriget, dat lânnet goed oan. (*Hja sjocht Brjucht oan.*) Der binn' in hopen manljue minder, hear!

B r j u c h t, *tsjin Arjen.*

Hark ris! Myn wiif hat leau 'k sin oan de doarwaerder.

D o u t s e n, *giet oerein.*

Nou, Arjen, wij moatte hjir wei, oars binne de bêste plakken wer ynnomd.

A r j e n, *sjocht op 't haloazje.*

Ja, hear! 't is mear as tiid.

B r j u c h t.

Ik moat strak ek noch efkes op 'e dribbel.

T r y n.

Nou, jimme komme hjir to thédrinken, dat litte wij mar sa, nou?

D o u t s e n .

Aste 't sa ha woste, is 't mij goed, mar 't seil wol hwet let wirde.

T r y n .

Dat 's allegearre neat !

D o u t s e n .

Nou, hawar ! dan moat it mar sa. Ont strakjes dan.

(*Doutsen en Arjen ôf.*)

6ste T o a n i e l .

B r j u c h t . (*Hij seil ek ôfgean, mar
blywt bij de doar stean en seit :*)

Ik ha er in tear bij dien, hear !

T r y n .

Hwerbij ?

B r j u c h t .

Bij 't kapittel, dat oer de plichten fen troude ljue handelt.

T r y n .

Hâld nou dochs ris *ienkear* op to sangerjen. Hwet mienste wol ?

B r j u c h t .

Hwet ik mien ? It sexte kapittel, artikel 214
foaral. (*Of.*)

7de Toaniel.

Tryn, allinne.

Min scoe nou yn de goede ginst sizze: hwet hat sa'n kearel er nou oan om iiwich oer dat wetteboek to seuren.

(Hja nimt hjar naeikoer, sjocht it boek en seit dan:)

Nou ja, dat mekearre 'r noch mar oan, dat er 't boek yn myn naeikoer treau. *(Hja slacht it boek op.)* Wrachtig, hij hat er in tear bij dien. Nou, moai lêzen, sa'n toar wetteboek. Dan lês ik de skûtelbank fen de krante ljeafer. 't Scil wol hwet moais wêze, dat artikel 214. *(Hja lêst heal lûd op:)* „Over de rechten en verplichtingen der echtgenooten” *(Pratende:)* „Dat seil 't dan wêze moatte. *(Lêst fierder:)* „De vrouw moet” *(Pratende:)* Jawol, de frouw moat Ik lak jimme hwet, hear! Moatten is twang, seit it sprekwud. *(Lêzende:)* „Art. 214. — De vrouw moet bij haren man inwonen en hem overal volgen” . . . *(Pratende:)* Jawol, oeral, bihalve hwer de manljue jin graech slite wolle. As hja to biljetspyljen of to skutjassen geane, dan kin dit artikel wol mist wurde.

(Hja lêst stil fierder. Brjucht komt, sûnder dat hja it merkt, op. Hij hat al in hoed op en nimt syn jas yn 'e hân, mar docht dy net oan. Hij sjocht Tryn lêzen, gnysket en seit dan lûd:)

8ste Toaniel.

Brjucht.

Artikel twa hûnderd en fiertsjin.

(Tryn flapt forheard it boek ticht, skarrellt yn hjar forlegenheid yn 'e naeikoer om en seit:)

T r y n.

Hè ju! hwet makkest mij kel. Ik socht om myn skjirre.

B r j u c h t.

Jawol! Yn 't wetteboek, hè? Mar hwet seiste, ha 'k myn hier net moai opkuifd?

T r y n.

Gieste foart?

B r j u c h t.

Ja, mar ik kom foart-en-daelk wer.

T r y n.

En ik miende datste joun abslút skrijuwe moaste! Hwer moast nou dan wer hinne to fleanen?

B r j u c h t, *in bytsje forlegen.*

Och! Ik.....ik seilris bij Hylke Skipper sjen, as er it maismoal ek meinomd hat.

T r y n.

Moat de hoed derom op, ju? Dat seil in deftich maismoal-boadskip wirde.

B r j u c h t.

Ja, sjoch! it kin wêze dat 'k ek wol efkes bij Wiger oanflut, om in glêske bier.

T r y n.

En moat dêr dan de hoed om op? Nou, 't kin mij ek neat skille; elts syn meuch.

(Hja giet oerein en nimt hjar hoedsje en greate doek.)

Brjucht.

Hwet scilstou?

Tryn.

Ek efkes foart!

Brjucht.

Hwerhinne?

Tryn.

Hwer stou hinne gieste! Ik gean mei dij.

Brjucht.

Dou bist wol wizer, hoapje 'k. Ik kin dij net mei bij Wiger yn 'e „Jachtweide” nimme wol?

Tryn.

Hwerom net? Der geane yn 'e stедden safolle frouljue mei de manljue nei de bierhûzen, lit ús dy mode hjir ek ris ynfiere. Mar boppendien, it is myn plicht dij to folgjen. Artikel twa hûnderd en fiertsjen: „de vrouw moet hem overal volgen.”

Brjucht.

Dou fettest it forkeard op, fanke! Sa bidoelt de wetjower it net. De geest fen.....

Tryn.

Ja, de letter fen de geest; dat ha 'k strak wol heard. Né, jonkje, dou forrifelste mij net mear mei de geest. Dou haste salang sangere, dat ik mij nei dat wetteboek hâlde en drage moast yn ús trouwen, dat ik seil nou dyn sin mar ris dwaen. Ik seil er mij bij deljaen en de minste mar wêze. Nou woste

efkes foart. Best! Mar ik seil dy folgje. Artikel 214! Ik seil dij op hakken en teanen neirinne.

(*Hja hat wiles de doek om dien en it hoedsje opset.*)

Brjucht.

Mar dat *kin* nou net, fanke! Ik wol mij ek efkes skeere litte.

Tryn.

Goed! Dan seil ik ris sjen aste goed ynsjippe wirdste.

Brjucht.

En dan woe 'k efkes bij Lammert Pluch oan om to sjen as myn learsens hast dien binne.

Tryn.

Dat treft dan danige moai. Dan sjoeh ik efkes bij syn wiif; dy is earjuster yn 'e kream komd.

Brjucht.

Ja, mar ik leau dat hja it frij hwet yn 'e holle hat. Der mei net ien bij hjar komme, sizze ze.

Tryn.

Ei nou, ik doch de skoen bij de doar út, dan brekt er gjin aei ûnder.

Brjucht.

Mar harkje ris, Tryn! It giet dochs net for dij om mij *oeral* nei to rinnen.

T r y n.

Mar harkje ris, Brjucht! Artikel 214 seit dat ik
dij *oeral* folgje moat.

B r j u c h t.

Mar as ik dij nou kommedearje hjir to bljúwen?
Art. 212 seit klear en dúdlik: „de vrouw is haren
man gehoorzaamheid verschuldigd.”

T r y n.

Allegearre goed en wol; lit artikel 212 sizze hwet
it wol, — artikel 214 is twa heger en *dat* seit: „de
vrouw moet haren man *oeral* volgen.” Hearste
wol: „oeral”!

B r j u c h t, *likk*.

Nou, mar astou it *sa* yn 'e kop haste, dan gean
ik *net* foart.

T r y n.

Ek al wer goed. Nim dyn gemak er mar fen,
jonkje! Mar dan bljúw ik natúrlík ek thús. En
dan 't wisse mar foar 't ûnwisse, sei Jan Dutsjes,
en hij snie in deade slange de kop ôf. Ik seil dyn
lifdracht mar yn bislach nimme. (*Hja nimt syn
jas en syn hoed.*)

B r j u c h t.

Nou net gekker! Dat is *myn* goed.

T r y n.

Krekt sa. Mar as in goede húsfrou moat *ik* er
op passe. Aste dochs noch ris foart woeste, wier-
skôgje dan mar efkes, dan is 't wer ta dyn tsjinst.
Ik gean salang yn 't keamerke.

Brjucht.

Ho krigeste sokke fratsen dochts yn 'e kop?

Tryn.

Troch de letters fen de geest fen artikel twa hûndert en fiertsjen. Dou haste 'r in tearke bij dien, net? Siikje dos mar ris op!

(Hja giet ôf en nimt jas en hoed mei.)

9de Toaniel.

Brjucht, *allinne.*

Dat is in divelske boel! Yn 't ûnderbaitsje de streek út, dat giet bij joun dochts ek net. En Arjen rekkent op mij; dy stakkert! Hij tinkt moochlik op 't eagenblik mear om myn boadskip, dan om 'e nutsman. Hij moast ris witte ho 'k er hjir nou foarsit. Ho deale kom ik nou bij Berber? — Hie 'k nou mar in pet en dan myn oare jas mar né divelsk! dy hat hja hjoed krekt boarsel-ferve Nou, dan myn blauwe kile mar. Ik moat er mar hwet op útfine.

10de Toaniel.

(Oets Snijsma komt op. Hij is gnap klaeid, mei 'n oferhimdsje foar.)

Oets.

Nafend!

Brjucht.

Nafend Snijsma! (*Yn him sels:*) Wacht ris, dy hazze moat ik út de buis sjen to heljen. (*Lûd:*) Hwer donder hawwe jou sitten?

O e t s, *forheard.*

Ikke? Ho dat sa?

B r j u c h t.

Sa allerskandalichst sjocht jou jas er út.

O e t s.

Myn jas? Nou, der wit ik net fen, hear! (*Hij sjocht nei de jas.*)

B r j u c h t.

Op 'e rêch! Al hienen j' yn de goate lein of sa.

O e t s.

Op 'e rêch?

(*Hij docht nou de jas út; mar foar dat hij tiid hat de jas to bisjen, hat Brjucht him dy al ûntskârd. Dizze slucht er nou in bytsje op om en lûkt hem fluch oan.*)

O e t s, *forheard.*

Hwet scille we nou hawwe?

B r j u c h t, *hastich en drok.*

Stil mar, myn goede man, stil mar! Raes foaral myn [wiif net wekker, hja hat (*Hij nimt Oets de hoed ôf en set dy sels op.*) Ik ben er op slach wer. (*Hij scil ôf, mar keart him bij de doar noch efkes om en seit:*) As myn wiif nei mij freeget, siz dan mar dat ik efkes bij de kij sjoch. Wij hawwe 'r ien bij, dy is net to goed. — Hja wol nei de kemeedsje!
(*Of.*)

O e t s, *ropt him nei:*

Mar kearel, hwet mekaert dij? Jawol, hij is al foart! Brjucht liket wol steapel; ik kin er to minsten net bij.

IIde T o a n i e l.

T r y n, *opkommende.*

Heden, mynhear Snijsma! Der hie 'k neat fen fornômd, dat jou ynkomd wienen, ik wie drok oan 't parskilen. Ho binne jou sa aerich út 'e loft fallen koam? (*Hja sjocht blykber dat hij in 't ûnderbaitsje is.*) Sa komme jou oars noait op 'e lappen. (*Sjocht om hjar hinne.*) Mar hwer is Brjucht?

O e t s.

Jou man is krekt de doar út gien.

T r y n, *hastich, yn hjar sels.*

Wel fôrdômd! (*Hja biredt hjar, fornimmende dat Oets er is. Lûd.*) De doar út! Hwet hear ik?

O e t s.

Ja, dat is to sizzen, hij scoe ris bij de kij sjen. Is ien fen jimme bisten út oarder?

T r y n.

Ja, ús mûs wie forstoppe, mar do hawwe 'r de fé-dokter bij hawn en dy hat him in healmingel griene oalje ynkrige en do is 't ek al gou hwet saksearre. Wie er ek fortritlik?

O e t s.

Wa? De mûs of de fé-arts.

T r y n, *laitsjende*.

Ei né, myn man, mien ik. Mar fal del! (*Hja geane sitten.*) Brjucht hie 't bokkefel oan, sjoehje!

O e t s.

Né, dat kin 'k net sizze, mar — (*hij bisjocht syn ûnderbaitsje-mouwen*) hij koam mij wol hwet núver foar, hwet oars as oars. — Mar jimme hienen in boadskip, mien ik?

T r y n.

Ja, sjoehje! ik sei tsjin Habel: „rin efkes bij myn-hear Snijnsma oan”. Wij krigen 't yn 'e holle, moat je witte, om nei de kemeedsje ta en nou hienen we heard dat de plakken al forsein wienen. 't Is dan ek sa danige lyts bij Wiger, hin? Mar do koam ik to witten, dat jou moochlik noch in pear kaertsjes oer hienen, troch omstandigheden. Ho stiet dit nou, scoene jou mij in stikel er mei út de foet helpe kinne?

O e t s.

Nou, dan scoe 'k dy stikel ris sjen moatte, hè? For sa'n himmel jong frommis docht min noch al hwet.

T r y n.

Ja mar, hou, hou! Ik bin in trouw wiif.....

O e t s.

Donder.....hui ris!.....Dy kaertsjes ha 'k fen

'e moarn oars al forsein, nammentlyk as myn kostbaes hjar net forkoft hie. As ze nou noch net helle binne Dan mei 'k wol gou ris sjen. As s' er noch binne, scille jimme se hawwe. (*Hij giet oerein en siiket nei eat.*)

T r y n.

Dan: rin je net, sa ha je net! Ta gou dan ju! Mar binne jou hjir sûnder jas komd?

O e t s.

Wol né! Ik hie myn jas oan. Mar (*Hij siiket*).

T r y n.

Hwer ha je dy dan?

O e t s.

Brjucht hat him mij út- en him sels oandien. (*Hij siiket noch efkes en seit dan:*) Mar, dat is wier ek myn hoed hat er ek op.

T r y n, (*hja hat de hannen fen forbazing ynoar slein:*)

Hwet jou sizze! O ljeave tretsjen, der fyn ik de bringst! Kwânswise nei de mûs! Nou hat er mij dôchs to fiter.

O e t s.

Hij seil op slach wol wer komme. 't Seil wol in misforstân wêze.

T r y n.

Ja, dat kinn' je begripe. Né, om 'e donder net,

hear! Dit hat er him moai lapt. Mar dan is 't bêste dat jou syn jas en hoed mar oankrije. Dan kinne jou dochs om de kaertsjes sjen. Mar ho hat er jou de jas fen 'e hûd krige? Fornoamen jou der neat fen?

O e t s.

Wrachtich wol, mar hij koam er mei in slimme set efter.

T r y n, *sködheljende.*

Je scoenen sizze. Sa'n divelske kearel.

(Hja giet links ôf.)

12de T o a n i e l.

O e t s, *allinne.*

Hwet dat spil hjir bitsjutte moat, ik wit it net. Mar dat it in núvere boel is, wit ik wol. — Hark! der komt er wer oan leau 'k.

13de T o a n i e l.

B r j u c h t, *komt op.*

Der bin 'k al wer. (*For him sels:*) Divelsk! Nou moast ik dôch werom; de brief en 't flacon sitte noch yn *myn* jas. (*Hij hat wiles de jas útdien en jowt dy nou wer oan Oets.*) Tige bitanke, hear! (*Heal lûd:*) Mar nou kom ik net mear bij Berber.

O e t s, *wyls er de jas oandocht:*

Berber? Dy widdou? Woene je der hinne?

Brjucht.

Né, ikke eigentlik net. Kinne jou hjar?

Oets.

Sa fen oansjende, oars net. (*Yn him sels:*) Nou, nou, baes! (*Lûd:*) Mar ik moat mar op sjou.

Brjucht.

Moat it sa hastich wêze?

Oets.

Ja, oars draeit it spil mis.

Brjucht.

Mei de kemeedsje?

Oets.

Né, dat rint goed. It earste bidrjûw wie moai tominsten!
(*Of.*)

14de Toaniel.

Brjucht, *allinne.*

Mar nou rint Arjen syn boadskip mis. Hwet deale die dy fint him ek mei dy Berber yn to litten. Al wie ik bijgelyks mei myn beppe troud, dan helle 'k sokke dingen noch net út. Mar it spyt mij dochs, dat dit sa ôfrint.

15de Toaniel.

Tryn, (*komt mei jas en hoed op. Hja strykt op 'e hoed om en sjocht dos net op.*)

Sjea sa! moai as poes, hjer! Hjir is syn jas en hoed.

Brjucht.

Moai sa!

Tryn, *forheard.*

O, bistou it. Né, dan om 'e donder net, hear!
(*Him oansjende, langsim :*) Hwer komstou wei setten?

Brjucht.

Ik? Ik ha net foart west, ju! Ik ha ris bij de
mûs sjoen; dy plúzet al wer hwet yn 't ynkûle
gêrs om. (*Hij seil stiltsjes hjar de jas útnimme.*)

Tryn.

Né, né, baes, dou krigeste de jas net!

Brjucht.

Nou, ek goed. Mar lit mij de bûsdoek er mar
efkes útkrije.

Tryn, *lebbich.*

Jawol! Hieste de bûsdoek er yn sitte litten?

Brjucht.

Ja, ja! To mar, gjin mállegheid. De noas rint
mij hieltiten.

Tryn, *lit him de flacon sjen
en seit nytlich :*

Haste dy soms ek forjitten?

Brjucht.

Hè?

Tryn.

Hè? Ja, hè! Mar hwet spil is dit?

Brjucht.

Dat is in flacon!

Tryn.

Ja, sa wiis is Tryn ek wol. En 't is koft bij Jongstra.

Brjucht.

Krekt! Bij Jongstra.

Tryn.

Doarst mij dat ek noch flak foar de kop to sizzen?
Doarst ek to sizzen for wa aste 't oanrist haste?

Brjucht.

Jawis wol. (*Fen silen:*) Arjen moat mar wer
ien keapje. (*Lûd:*) Dat is sa klear as de dei. For
dij, myn Nynke!

Tryn.

For mij?

Brjucht.

Niks fêster! Juster hie 'k in goed sin, ik hie in
moai dofke mei strykjild-rinnen fortsjinne en do
tochte 'k.....

Tryn, *ynfallende*.

Ja, to mar! lieg mar ræk! Strykjild fortsjinne?
— mar dou forjitste datste oan dat smoarge âlde

hûs hingjen bljeauwn biste, for glêdwei fjouwerhûnderd goune to djûr.

Brjucht.

Dat is sa, mar as min neigiet, dat it noch slimmer kind hie, as ik ek noch oan dat lân hingjen bljeauwn wie, dan is 't noch bêst biteard en dêrom koft ik dij dan ek in lyts presintsje.

Tryn, *toant de brieven seit lilik* :

Mar 't is malle spitich, dat ik gjin Berber hiet, hè?

Brjucht, *fen siden*.

Divel, nou wirdt 't mij slim genôch om mij mei liegen fierder te redden.

Tryn.

Der stiet wol gjin namme ûnder, mar dat kin mei sokke dingen ek minder skille, nou? Twa joaden witte wol hwet in brul kostet. Moaste mij sa bisjachelje? — O kearel! (*Hja falt raer fen 'e wize op in stoel del, mei de jas noch yn 'e hannen.*)

Brjucht, *fen siden*.

Wiet waer! (*Lûd* :) Tryn, ju! Tryn, ju!

Tryn.

Lit mij mar gewirde, hear! (*Hja smiet jas en hoed oer de fier.*) Der, pak mar op en flean er mei nei dyn Berber!

Brjucht, (*nimt jas en hoed op en stekt de brief yn 'e bússe en seit for him sels:*)

Dy Arjen hat mij mei syn gnúverijen mar moai yn 'e oalje set.

Tryn, (*hja teard en pakt senuw-achtich mei hjar goed en lapen yn 'e naeikoer om.*)

Ik moast ris om sa'n flacon frege hawwe. Dan scoe der hwet waeid ha, n't wier? Mor *ik* bin dyn wiif ek mar! Mar sa'n sljuchte blei, sa'n allemans-hânboek, der ha jimm' 't for oer, hè?

Brjucht, *fen siden.*

Dy divelske Arjen! Gjin gedonder, hja mat it mar witte. — (*Lûd:*) Hark ris, Tryn! nou 't sa rint, moat ik de forrieder wol spylje; mar forkrantsje 't nou net oan oaren. Dy brief en dy flacon binne fen Arjen; ik scoe ze mar efkes for him oan hjar adres bisoargje.

Tryn.

Der woeste mei sizze dat Arjen Jonge ja, nou hawwe 't lijen noch net hawn.

Brjucht.

En dochs fortel ik dij nou de súvere wierheid. Omdat hij ynseach dat er to fier gien wie, woe er 't saekje oan 'n ein bringe, mar doarst nou sels net mear nei Berber ta. Derom scoe ik dat joun efkes for him yn oarder bringe. De flacon wie de roukeap.

Tryn.

Net ûnaerich bitocht fen dij. Dou bist noch al gochim. Mar nou moat Arjen ek noch swart makke wirde, hê?

Brjucht.

Mar wrachtich Tryn, it is sa.

Tryn.

Arjen! De stadigheid sels! En hij wol syn wiif wol op 'e hannen drage, hiel oars as dou mei dyn artikel 214. Hij mei ris in slokje tofolle brûke, mar dou bist ek net fij fen in romerfol.

Brjucht.

Lit dat nou mar wier wêze, mar de bêste stroffelt wol ris. En Arjen is stroffele.

Tryn.

Ik mei er gjin praet mear fen hearre. Om dij er sels út to rêdden, bikladdeste nou noch in oar. Dat is dûbeld gemien.

Brjucht.

It wirdt wrachtich ho langer ho mâlder. Ik siz dij noch ris.....

16de Toaniel.

Arjen en Doutsen komme yn.

Doutsen.

Der ha jimm' ús al wer!

Tryn, *sûnder op to sjen.*

Nou al werom?

Doutsen.

Ei ja, de nutssprekker is absint bljeauwn. Der wie in tillegram koam, dat er út oarder rekke wie. Do sieten we der earst noch al hwet, ien lang en twa breed; mar ik sei tsjin Reinders Akke — dy siet neist mij — ik sei: wit je hwet? Wij geane mar stil foart, hwent as er op 't lêst in slokje yn komt, dan kin min de mânljue op 't lêst hielendal net mei krije.

Arjen, *dy nei Brjucht gong is.*

Sa 'n Nutsjoun drinke de mânljue noait to folle frou! Min is dan for 't nut fen in oar bijelkoar. (*Tsjin Brjucht:*) Hwet sei hja?

Brjucht, *tsjin Arjen.*

't Is glêd mis, hear!

Arjen, *as foaren.*

Mis?

Brjucht, *as foaren.*

Mis! Ik koe de doar net útkomme.

Doutsen.

Mar heare Tryn, hwet sjoehste taci! Dou sitste er hinne as in sâltsek; 't koe wol bikind stean al hieste gûld.

Tryn.

O Doutsen, hwet is 't hwet! Ik bin sa raer!

D o u t s e n.

Dat kin min wol sjen, bern! Dou koeste wol gallich wêze.

A r j e n.

Bist fen de mik, Tryn?

B r j u c h t, *hompt him oan.*

Kearel, hâld dy stil!

T r y n, *driftig.*

Jimme meie 't ek wol witte. Brjucht is great mei oare frouljue.

D o u t s e n, *mei de hannen omheech.*

Nou ha 'k it dan noait! — Jonge, jonge, Brjucht! Is *dat* wier?

B r j u c h t.

Né, er is neat fen oan, mar Tryn hat it hjar mar ienkear yn 'e holle set.

T r y n, *lit de flacon sjen.*

Dan ha 'k mij dit ek yn de holle set, hè?

(*Doutsen beart tige.*)

A r j e n, *fen siden.*

Ho divel sit dit? *Myn* flacon!

T r y n, *lit de brief sjen.*

En dizze brief ek, hè? Oan Berber!

(*Doutsen beart as foaren.*)

A r j e n, *seaft tsjin Brjucht.*

Nou snap ik it! Dou bist er om mij ynroun.

B r j u c h t, *seaft tsjin Arjen.*

Ja, en dou moast er mij wer úthelpe.

A r j e n, *as foaren.*

Ja, mar dat kin 'k net dwaen, der myn wiif bij is.

B r j u c h t, *as foaren.*

Mar ik kin om dij dochs ek net in hûs fol lêst ha?

D o u t s e n, *lûd.*

Great mei Berber!! O Brjucht, hwet falt mij dat fen dij ôf. Dou haste sa 'n fiks wiif, dy alle frouljue wol bilykje kin. En sa 'n sloof sa te bidraegen. (*Mei djippe suchten* :) It is dan dochs allertreurichst, allertreurichst. (*Tryn skriemt.*)

B r j u c h t.

Mar der is neat fen oan, Doutsen! (*Tsjin Arjen, seaft* :) Help mij der nou út, fint!

A r j e n, *seaft tsjin Brjucht.*

Ik kin net om myn wiif, divel!

D o u t s e n.

Och, och! hwet bigreatet it mij om Tryn. Dat kin 'k jimme net heal sizze. (*Tsjin Arjen* :) Dou meist' er Brjucht ek wol ris in maling oer skoppe.

A r j e n.

Jawis ! (*Tsjin Brjucht :*) Dat hie 'k net fen dij tocht, jonkje ! Dou meist' dij hwet skamje. In grap is neat, mar dit rint mar yn ienen to fier.

B r j u c h t, *lilk.*

Wost dyn bek ris hâlde.

A r j e n, *seaft.*

't Is mar om myn wiif, ju ! (*Lûd :*) Harkje nou ris nei goede ried, Brjucht !

T r y n.

Ik jou it op slach Oets yn 'e hannen. Ik wol sa gau as 't kin bijenoar wei.

A r j e n.

Hui, hui, Tryn ! nou rinste wer to fier.

D o u t s e n.

Ja Tryn, dat siz ik ek. Dan moat it foar 't gerjucht en 't komt yn 'e krante ; dat jowt mar in hopen opspraak. Brjucht moat mar betterskip ûnt-hjitte. De misset is bigien, mar dat moat dan mar wer oersljuchte wirde.

B r j u c h t.

Mar Doutsen, ik

D o u t s e n.

Nou ja, dy Berber is in leidige gast, mar dêr moast sa 'n trouw kearel as dou him dochs net troch forliede litte.

Brjucht, *lilk*.

Mar ik kin dat hiele wjif pas. Ik ha nooit in foet bij hjar oer de drompel hawn.

Doutsen.

Hwet hast' nou oan sok liegen! Unthiet Tryn mar datste Berber nea wer skrijúwe seilste en *hielendal* gjin gedoente wer mei hjar meitsje seilste.

Brjucht.

Dat kin 'k tige skoan ûnthiette, hwent ik ha it nooit.....

Doutsen.

Ta, ta, ta! Hâld dij nou mar stil. (*Tsjin Tryn*.) Nou Tryn, nou hearst' it, hertsje! — Kom ris harren, Brjucht! (*Doutsen nimt elts bij de hân en leit de hannen fen Brjucht en Tryn ynelkoar.*) Sjea sa, en nou gjin wjeraksje near!

Brjucht.

Dat is tominsten safier. Mar wrachtich, Tryn....

Doutsen, (*nimt de flacon.*)

En dizze flacon.....

Tryn, *ynfallende*.

Is for Berber koft en hja moat him ek mar ha. Ik wol er myn hannen net oan bisûndichje. Jow mij dat ding ris op, Doutsen!

Doutsen.

Hwet wolst er mei? Dochs net tsjin de groun kletse, scoe min hoapje?

Tryn.

Lit mij mar bigean! (*Tsjin Arjen:*) Hark ris, Arjen! Dou biste in fetsoenlik man, op dij kin min fortrouwe. Wolst in boadskip for mij dwaen?

Arjen.

Jonge jawol!

Tryn.

Woste dan op steande foet nei dat wiif gean om hjar dit ding to bringen?

Arjen, *forheard.*

Ikke?

Doutsen.

Ja, dat is sa slim net bitocht. En dan moat Arjen hjar mar ris tige de wierheid sizze. (*Tsjin Arjen:*) Dou moaste hjar sa op 't gewisse komme, dat hja hjar ta de teannen út skammet, as hja hjar noch skamje kin, tominsten.

Tryn.

Siz hjar, dat ik alles fen stikje ta bytsje wit en dat ik Brjucht ljeafer nei 't tsjerkhôf bringen sjoch, as dat er wer sokke gemiene dingen úthellet.

Doutsen. (*Dit toanieltsje twisken Tryn en Doutsen moat foaral fluch ôfspile wurde.*)

En dat Tryn it hjar tige nei nimt.

Tryn.

En dat ik it er sa net bij sitte lit.

D o u t s e n.

En dat hja it mear as skande fynt.

T r y n.

En dat it hiele doarp hjar en Brjucht mei de finger neiwise seil.

D o u t s e n.

En dat it jongfolk hjar wol ris in searenade bringe kin mei tsjettel-mesyk.

T r y n.

En dat hja (*Kriget it in bytsje op 'e simmels.*)
O ! A ! ik oooo !

D o u t s e n, *hjar beetkrijende.*

Stil mar bern, stil mar bern ! Dou moaste sa raer net ! Hâld dij mar bidaerd.

A r j e n.

Nou, dan seil ik er mar op út.

D o u t s e n.

Wacht, ik gean er mei út. Ik wol noch efkes in pikelherring helje fen Jan Fiskman. (*Tsjin Arjen :*)
Dou moaste hwet foarsichtich wêze, hear ! Dy Berber is in leidige donder.

A r j e n.

Lit mij mar kuierje. Dou witste, ik ben noch al ridlik goed fortrouwd.

B r j u c h t.

Hm ! Hm !

(*Arjen en Doutsen ôf.*)

17de Toaniel.

Brjucht.

Nou Tryn, nou seil ik dij de saek ris útlizze.
Aste nou efkes bidaerd heare woste.....

(Tryn rint de oare kant ôf foart.)

18de Toaniel.

Brjucht, allinne.

It seil in divelske toer wirde om dit saekje wer yn oarder to prakkesearjen. Sa kin min al om in oar yn 'e rats komme. En nou is 't er ek noch net better om, dat ik hjar altyd sa pleage ha mei artikel 214..... Mar 't is mar in akelige boel, dat is sa. In grapke is neat, mar dit rint to fier.

19de Toaniel.

(Tryn komt wer op mei in earmfofen hjar klean en in tsjok touw. Hja sjocht tige kwea en sjouwt de boel op 'e tafel, bynt it touw om dy klean hinne en past derbij op dat er in lang loas-ein oerbljút.)

Brjucht, mei forwûndering nei hjar sjende.

Alle joaden, hwet scille we nou hawwe?

Tryn.

Dat rekket dy neat!

Brjucht.

Scilste dan net wizer wêze? Hear nou ris in ketier nei mij, dan seil 'k dij dúdelik meitsje, dat Arjen hjir in gemiene rol spilet.

Tryn.

Praet mar sa gnap aste woste, ik leau dij noait wer. 't Stiet bij mij mûrrefêst datste mij bilazere haste en 't stiet like fêst, dat ik nou ris in ein er oan meitsje seil. Ik pak myn spillen op en gean nei ús folk.

Brjucht.

Wêz nou net al to foarbarig. Bitink dij earst ris goed.

Tryn.

Ik wit hiel goed hwet ik doch. Ik seil nou dwaen en litte hwet de kop mij opjowt. It moaiste en djûrste goed seil ik oanriede en mei de rekkeningen seil ik dij opknappe litte.

Brjucht.

To mar! It kin wol lije. Dou moaste mij mar earm meitsje.

Tryn.

Dan hoeft Berber it net to dwaen.

Brjucht, (*smyt fen lilken in stoel om*).

Hâld de bek dochs fen dy Berber. Dou scoeste en gek meitsje!

T r y n.

Dat wie net wei. Mij haste al omtrent gek makke. Mar ik seil dij helpe. Der binne noch rjuchters en abbekaeten. (*Hja giet wer fen it toaniel ôf.*)

(*Brjucht bynt nou tige fluch it loasein fen it touw oan 'e tafelspoat fêst. (*) As Brjucht it touw oan 'e tafel fêst hat, komt Tryn wer op, mei in hoedsjedoase en in pear skoer. Hja set dat spil ek op 'e tafel. Brjucht lûkt syn jas oan.*)

T r y n.

Seilstou er ek op ôf? Hwer seil de reis hinne?

B r j u c h t.

Dat wit ik net. Mar it wirdt mij hjir to binauwd.

T r y n, (*hja set fluch hjar hoedsje op en docht in doek om*).

Ik seil dij selscip hâlde, neffens artikel seis.

B r j u c h t.

Dat moat er ek noch bijkomme!

T r y n.

Ja, ik seil dij allinne rinne litte, nou ik dyn streken kin. Né, ik ha 't artikel nou goed yn 'e holle. Oeral seil ik dij folgje.

(*) It moat in lichte tafel wêze, dy maklik omlûke wol, en er moat safolle loasein touw oerbliuwe, dat Tryn in⁵ pear stappen me iit pak klean foartrinne kin, foardat hja de tafel omlûkt. It touw moat dwers oer de tafel lizze, oars lûkt er net om. Bij de repetysjes moat er foaral om tocht wurde, dat de tafel omgiet en net steande meisleapt.

Brjucht.

Nou, dan moat dat mar ris sjoen wirde.

Tryn.

Ja, dat moat it! Ik bin klear, dou ek?

Brjucht.

Hawar! As 't dochs raer moat, dan moat it mar.

Tryn, *(nimt it pak klean op [hja
fornimt natúrlik net, dat dit fêst sit]
en de doase en de skoer; hja seit:*

Dan saei ik dit efkes bij ús folk yn, ear 't hja
op bêd geane.

20ste Toaniel.

Oets, *opkommende.*

Al yn oarder, frou! Hjir ha 'k de kaertsjes.

(Brjucht glûpt fluch de doar út.)

Tryn.

Heare, hij ûntglûpt mij wêr!

*(Hja scil, mei de doek, skoer en hoedsje-
doase yn 'e hannen, Brjucht fluch efter-
nei, mar lûkt, op 'e eftergroun koam, de
tafel om. Hja smyt nou de rommel
driftich oer de flier en giet ôf.)*

Oets, *bjuster freamd opsjende.*

Hwet bjusterbaerlike healwize boel is mij dat hjir?
Strak fleach Brjucht foart mei *myn* jas en hoed oan

en nou stouwe hja allebeide als wylden de doar út. Der mekearret wisfrij hwet oan. Dy Brjucht is ek in núver man. Mar hja is oars sa'n aerich sedig wyfke. Ik scoe hjar frij hwet ljeafer hawwe as Berber. Dy Berber ik wit net. (*Hij sjocht in doase oer de flier.*) Ho ha 'k it nou? Der leit *myn* tabaksdoase. Ho donder komt dy hjir? Ik ha him oars bij Berber op 'e skoarstiennmantel lizze litten. Nou, dat docht er ek net ta; mar ik seil dizze boel doch mar efkes torjuchte sette.

(*Hij set de tafel oerein, mei it pak er wer op, sadat de tafel wer omhelle wurde kin. De doase stekt er yn 'e bússe en it wetboek leit er op 't kasje.*)

21ste T o a n i e l.

D o u t s e n, *komt mei in kladde mei in pikelherring yn 'e hannen op.*

Hea, doarwaerder, hawwe jou hjir? En sa moedersiel lykme allinne? Hwer is Tryn? (*Hja rôpt troch de keamersdoar:*) Bist hjir Tryn? Tryn!

O e t s.

Ja, minske, jammerje mar sa net. Hja binne allebeide de doar út roun, of ljeafer útflein. De boel is siker in bytsje yn 'e hobbél hjirre. It gong tominsten allegearre hwet núver ta joun.

D o u t s e n.

O, dan wol 'k it wol leauwe. Der feegde mij bij Keie Lys ien foarbij as in skimme flak for de wyn; ik tochte al: as dat Tryn net is, dan meie hja mij fille.

O e t s.

Ik scoe hjarren de kaertjes bringe. Mar der glûpt earst Brjucht de doar út, krekt as er in stik stellen hie en Tryn stoude him nei as de deale. Mar hja luts de tafel om — sjoch ris, de boel sit er oan fêst boun — en goaide do de boel er hinne om Brjucht nei to fleanen. It koe bikind stean al mealde hjarren allebeide de plasse.

D o u t s e n, *skôdholjende*.

Ja man, ik fetsje it spil fordealde goed. (*Hja leit de pikelherring op in stoel.*) De holle is hjar hwet oerstjûr, moat je rekkenje. (*Mei in binauwd gesicht en geheimsinnich :)* Ja, doarwaerder, hjir is hwet bard, dat net sa moai is.

(*Hja giet sitten en Oets ek.*)

O e t s.

Hwette? Net sa moai sizze jou? Hwet is dat dan?

D o u t s e n.

Jou prate der net fierder fen foart, doarwaerder? Ja, 't gong mâl hjir sa strakjes. Ik ha 't wer hwet yn oarder praet, ik bin noch al moai goed fen tale, moat je tinke. Ik bin noch út it laech, myn pake wie opropper en sadwaende Mar scoene jou nou wol tinke kinne, dat in man as Brjucht syn eagen op oare frouljue smiet?

O e t s.

Hwet sizze jou?

D o u t s e n .

Ja, ja! 't Is binauwd, n't wier? Sa'n stumper fen in Tryn, sa'n best minske! Dat sloaf to bi-draegen om in blei as dy Berber..... Sommige mânljue hawwe al in núvere smaek.

O e t s .

Berber, sizze jou? Is dat dy widdou, dy....

D o u t s e n .

Krekt! Kinne jou hjar?

O e t s .

Ja, sahwet! (*laket.*) Nou wit ik ek hwet reis as myn tabaksdoase makke hat.

D o u t s e n .

Jou tabaksdoase?

O e t s .

Jonge ja. Koarts moast ik nei dyselde Berber om hjar in hierkontrakt teikenje to litten. Ik gong op in joun nei hjar ta en bleau in poaske bij hjar sitten to praten.....och, oer ditsjes en datsjes, moat je rekkenje.....

D o u t s e n .

Ja, tomar! Jou binne noch frij feint, dat hindere neat.

O e t s .

Nou, do ha 'k myn tabaksdoase der forjitten.

Do ha 'k er letter al ris wer hinne west om 'e doase, sjoehje! Mar dy wie nearne to finen. En nou fyn ik him hjir sa krekt oer de flier.

D o u t s e n .

Hwet je sizze! Dan hat Brjucht him hjir hinne sleept, moat je rekkenje. Foi, foi! Mar stil, der is wa.

22ste T o a n i e l .

T r y n , (*komt op, docht hjar hoedsje ôf en leit dat op in stoel.*)

Nou is 't dan dwers troch alles hinne! Mar ik scil it him bitelle sette.

D o u t s e n .

Hwet is 't nou wer, ju?

T r y n .

Nou hat Brjucht mij dan sa alderellindigst to pronk set. Hij woe er op út en do bin 'k him nei-roun, de strjitte op. Sa koamen we oan Knypstra's ta, dêr woe hij earst in nije piipstjettel keapje, sei er. Ik bleau foar de doar stean, hwent ik tochte, dou seilste mij net ûntkomme heite. Mar do 'k in poas wachte hie, do seach ik ris troch 't glês, mar do ston er net ien yn 'e winkel. Ik die de dryste skoene oan, roun de winkel yn en frege hwer Brjucht wie. En wie 't nou net binawd; nou wie er de syddoar útrekke. Dy Knypstra's krije foar gjin heale eint ginst wer ten mij. Nou, der ston ik. Hwet scoe ik er oan dwaen. Hij wie foart.

D o u t s e n .

Nou, nou ! Min scoe sizze !

T r y n .

Mar ik seil him wol helpe. O, ik scoe him it ljoecht wol út de eagen helje kinne.

D o u t s e n .

Foi, foi, hwet biste blastich, Tryn !

T r y n .

Ja, mar ik seil er gjin gêrs oer groeie litte.
(*Tsjin Oets* :) Och, Snijsma, scoene jou in boadskip
for mij dwaen wolle ?

O e t s .

Mei alle ljeafde.

T r y n .

As jou dan efkes for mij nei Jongstra's, nei de
goudsmid, rinne woenen en helje for rekkening fen
myn man noch krekt allyk sa'n flacontsje mei sa'n
moai doaske, as Brjucht al ien fen him koft *hat*.

O e t s .

Ik seil 't dwaen, hear !

T r y n .

Moai. En dan seil ik jou daed'lik de cinten for
de kaertsjes jaen.

O e t s .

Ja, dat is tige bêst, frou ! Ik seil fleane hear ! (*Of.*)

23ste T o a n i e l.

(Tryn giet mei de hannen of in dock foar de eagen op de stoel sitten, der de pikelherring op leit. Doutsjen sjocht dit earst net of tinkt er net om.)

D o u t s e n.

Mij tinkt, fanke, dou drjúwst it to fier. Ik ornearje datste noch wol steapel gek wirde kinste, ast dy net in bytsje delsetste.

T r y n.

Ja, dou kinste wol hwet prate, Doutsen, mar ik kin er neat oan dwaen. It is ek gjin kleinigheid as jin sa eat oerkomt.

D o u t s e n.

Né, dat is sa, mar *(sjocht dat Tryn op 'e stoel sit, der hja de pikelherring op lein hat:)* mar ljeafe fader en gjin ein! Stean op, ju! *(Hja kriget Tryn wiles bij de earm.)*

T r y n, *forskríkt.*

Hwet is 't dochs?

D o u t s e n.

Och, bern, dou sitste op myn pikelbeest to brieden. *(Tryn is oerein gien.)* Heare minsken, ha je fen je libben! *(Hja docht de kladde hwet los:)* Plat as koarstekoeke, hear! Nou, de kat moat er him nou mar mei formeitsje. *(Hja goait de kladde yn in hoek.)*

Tryn, *nei hjar rok sjende.*

Ho komst er ek bij, ju, om sokke fiize dingen op in stoel to lizzen.

Doutsen.

Troch de alteraesje, moast tinke. Mar dou praetste fen fiize dingen hij hat mij 8 cinten koste fet as longstalle, hear ! It bigreatet mij al !

Tryn.

Nou, ik scil dij dy acht cinten werom jaen,

Doutsen.

Nou, nou, net raerder ! Der sei ik it net om, hear ! — Mar hwet spektakel haste hjir dochts op 'e tafel ! (*Hja bisjocht de boel.*) Dyn klean scoe ik sizze. En dan in ein jaechline er om hinne hwet moat dat bitsjutte ?

Tryn.

Och, ik wie strak sa kûgels wurden, dat ik grypte gau myn spillen bij elkoar om dy nei ús folk to bringen. Do koe 'k sa gau gjin geskikt ein touw fine ; ik tochte : kom, dan dy âld jaechline mar. Ik fleach Brjucht efternei mei de bringst, do dy de doar út woe ; mar doe wie de jaechline, tink ik, om de taefelspoat fortiesd rekke, tominsten ik skûrde de hiele boel om en ha do de rommel mar oer de flier kletst.

Doutsen, *hastich.*

Nou, wij scille 't gau efkes yn 't keamerke bringe. It liket hjir sa núver as er immen komt !

Hark! der hear ik wer immen. Kom, gau foart mei de boel. (*Hja seil mei it pak klean foart, mar skûrt de taefel wer om.*)

Tryn, (*hja hat de doaze en de skoene nomd.*)

Der hawwe it selde gedonder wer. It spoeket hjir grif.

Doutsen.

Ik bin der glêd ôf. (*Hja bisjocht ien en oar.*) Nou, dat's ek hwet moais. Der haste mij wrachtig de jaecline oan de tafelspoat fêst boun.

Tryn.

Nou, ho 'k dat hawn ha, wit ik net. Ik ha siker raer yn 'e war west.

Doutsen.

Ja, ik ha dij sa just al sein, ast dij net in bytsje delbeddeste, dan kinst noch wol steapel sljucht wurde.

Tryn.

De boel moat mar gau los.

(*Hja meitsje it touw los en bringe de klean, doaze enz. nei it keamerke. Dernei komme hjar wer op en gean sitten.*)

24ste Toaniel.

Brjucht, opkommende, tsjin Tryn:

Ik wist wol dat it dij gau forfêle scoe om op mij to wachtsjen. Dou woest mij oars rounom folgje, nou?

D o u t s e n.

Hark ris, Brjucht, it is mear as gemien om dyn eigen wettig wiif op 'e strjitte stean to litten.

B r j u c h t.

Jawol! Mar it is ek min as in frommis in forkearde slinger oan artikel 214 jowt en hjar man oan 'e slippen fen 'e jas hingjen giet. Dat komt noch minder út.

T r y n.

Foaral as de man op in wyld aventûr útgiet, hê?

B r j u c h t.

Op wyld aventûr? Ik ha twa bittersjes ynruile tsjin in dûbbeltsje, lyk om! Dat is 't hiele wyld aventûr west. En ik koft dy twa bittersjes omdat stou mij de kop oerstjûr brocht hieste.

T r y n.

Jonge ja! Mar 't is ek like folle, dou hoefst dy for mij net to skamjen. Flean foart sa faek aste woste; ik seil dij net keare.

B r j u c h t, *driftich*.

Mar ik siz dij noch ris dat it Arjen wie, dy....

D o u t s e n, *forheard*.

Hwet seiste, Brjucht? Arjen?....

B r j u c h t, (*for him sels* :)

Divels! In misslag. (*Lûd* :) Och, neat ju! Ik woe mar sizze, dat.....è.....

D o u t s e n .

Nou ?

B r j u c h t .

Dat ja, ho seil 'k it nou sizze it wud
wol mij net ynsjutte, ju ! dat

(*Arjen komt yn.*)

25ste T o a n i e l .

B r j u c h t , (*yn him sels :*)

Moai ! Krekt op 'e tiid. Ik siet er mei oan.

A r j e n .

Der wie 'k al wer.

D o u t s e n .

Nou ju ! ho is 't bislein ?

A r j e n .

Hja wie net thús ; do ha 'k yn 'e gauwigheid
mar in lyts letterke skrjeaun en dat ha 'k ûnder
it raem troch trjúwt.

D o u t s e n , (*tsjin de oaren.*)

As er him ek rêdde kin, hè ? En nou seil 't dan
ek wol dien wêze.

A r j e n .

Glêd dien, hear !

D o u t s e n, *tsjin Tryn.*

Nou fanke, nou hearst it. Berber seil nou hjar ôfskiedsbriefke wol yn 'e hannen krije. Hat er dat net ris gnap rêdden?

T r y n.

Och, it is mij nou eigentlyk allegearre itselde. Ik kin dochs, nei hwet er foarfallen is, net mear bij Brjucht bljúwe. Ik wol frij wêze, krekt lyke goed as hij.

(*Oets komt op.*)

26ste T o a n i e l.

T r y n, *hastich tsjin Oets.*

Ho is 't útpakt Snijsma? Ha je al ien?

O e t s.

Né, it is misroun. Jongstra bigrypt it spil net, hwent hij hat sa'n flacon net oan jou man forkoft, seit er. Hij hie mar ien mei sa'n greate dop en dy hie Arjen juster fen him koft.

D o u t s e n.

Arjen ? ! !

O e t s.

Ja !

A r j e n, *hwet biskamme, mar brutael.*

Dat liicht dy smous !

D o u t s e n.

Ljeafe tiid ! Scoestou dan dy flacon

A r j e n.

Hâld dij nou ris stil. Ik ha dy flacon koft, ja !
mar op oarder fen Brjucht ; dy hie sels net folle
forstân fen sokke spillen, sei er, en derom woe er
gracch, dat ik him sa'n ding kofte.

B r j u c h t, (*dy nêst Arjen stiet*)
tsjin Arjen :

Nou mar, hark ris, knaep

A r j e n, *tsjin Brjucht, hastich.*

Hâld dy stil, divel ! As myn wiif mar earst fort
is, dan

D o u t s e n, *dy ien en oar yn 'e*
gaten krijet.

Jawol ! Jawol ! Bigrepen ! (*Toanleas :*) Wij
prate der mar net mear oer.

T r y n, *forwûndere.*

Dit is freamd ! Seoe 't nou dochs noch wêze
kinne, dat

A r j e n, *seaft tsjin Oets.*

To Snijisma, kinne jou net ris yn oar praet slaen ?

O e t s, (*hellet yn syn forlegenheid*
piipe en tabaksdoase út de bússe :)

Ja, sjoch je, ik

A r j e n.

Is dat myn doase net ? (*Hij ûntgrypt de doase oan Oets.*)

Siz ris, doarwaerder, ha jou myn doase yn bislach noam? Sjoch ris, ik ha myn namme yn it deksel krast.

O e t s.

Jawol! Mar as jou efkes de tabak op side trjúwe, dan fine jou op 'e boaiem myn namme ek: „Oets Snijnsma”; dy hat de silfersmid er yn gravearre. En lêz dan de datum ek ris. (*Hij wiist Arjen ien en oar oan.*)

D o u t s e n, o a n d i e n.

Arjen! Arjen! Is dat dyn doase? Doarst der in eed for dwaen?

A r j e n.

Wrachtig wol. Ik ha dy doase earlik krige of ljeafer ik ha him earlik koft.

D o u t s e n.

San doase mei in oarmans namme der yn? Skamje dij hwet. Dou bist net heal los bitrouwd. (*Hja giet oerein, jowt Tryn de hân en seit:*) Ik felisetearje *dij*. Tryn! mar dou sjochste *mij* yn de earste wiken net wer for 't ljocht kommen. (*Lûd roppende:*) O, dy manljue! O, dy Arjen! O, dy Arjen!

T r y n.

Heare Doutsen, hwet skilt *dij* nou yn ienen.

D o u t s e n, (*jowt Brjucht de han*).

Dou bist in bêste kearel. Dou hast dy bikladsje litten om mij to sparjen.

Tryn.

Mar ik fetsje noch net, Doutsen

Doutsen, *driftich*.

Der hoeve mij gjin earen oan de kop naeid to wurden. Ik fetsje donderske skoan hwer de skoech him knypt. Der is in frommeske ûnfûch bidraegen en dat frommeske bin ik. (*Pûr likk* :) O, ik koe jimme op dit eagenblik allegearre wol forgrieme! (*Hja giet op de stoel sitten, der Tryn hjar goed op leit*.)

Oets.

Sit de boel sa ynenoar! Jawol!

Arjen, (*op Doutsen tageande*).

Hark ris, Doutsen

Doutsen, (*wart him ôf*).

Ik wol neat mear fen dij witte! Dou haste de flacon for Berber koft en dou haste de doase fen Oets fen hjar presint krige. Dou biste great mei san slet, en Brjucht net.

Arjen.

Mar Doutsen

Doutsen, *trochgeande*.

It is der in hiele jachterije bij dy Berber, dat fornim ik wol. Doarwaerder hat de doase der ek al forjitten, mar dat is sa slim net. Doarwaerder is noch frij feint en dy hat wol in hiercontrakt of san ding bij de hân, as hij ris nei Berber reisgje wol, (*Oets sjocht nou ek taei*) mar dou!

T r y n, (*springt oerein en nimt
Doutsen bij de earm.*)

Goede ginst, Doutsen, jow dij oerein!

D o u t s e n, *forheard.*

Hwet is 't, ju! (*Hja giet oerein.*)

T r y n.

Dou sitst op myn hoedsje, ju. (*Hja lit it sjen.*)
Sjoch ris! sa plat as in pankoek. (*Hja búcht er mei om.*)

D o u t s e n.

Mar wa goait nou san ding ek op in stoel! Nou,
it bêste wie er ek al ôf, hè?

T r y n.

Dat mocht hwet! Ne hear! 't wie noch in gnep
deisk ding; ik ha forline wike noch njoggen stûren
fen 't opmeitsjen jown.

D o u t s e n, (*giet wer sitten.*)

Nou, ik scil dij de njoggen stûren wol werom
jaen, der wol ik gjin geprottet oer hearre, foaral nou
net, hwent de kop is mij for goed oranje. (*Tsjin Oets:*)
Jou binne in wetteman. Hwet moat ik nou dwaen,
siz mij dat ris — ik scil er jou for bitelje fensels —
om fen Arjen ôf to kommen?

T r y n.

Donder, de málke sjit gear, hear! Mar Doutsen,
mij tinkt dou moast mar forjaen en forjitte, dat past
in Kristenminske.

D o u t s e n .

Jawol, mar ik bin op 't eagenblik gjin Kristen-minske. (*Tsjin Brjucht :*) Kin ik jimme platte kroade demmy ek effen krije, Brjucht? Dan jei ik to nacht al myn spillen noch nei myn sister en dan moarn wer dei en ried. (*Hja nimt hjar hoedsje fen it kasje en set dat op.*)

T r y n .

Hwet kin út in neatigheid soms al in gedangel foartkomme, net?

D o u t s e n .

Skamje dij datste dat seiste, Tryn. Neatigheid? Is dit nou in neatigheid? (*Tsjin Oets :*) Jou moatte mar ris sjen, hwet de wet er fen seit, Snijsma. Skiede *wol* ik.

O e t s , *glimket.*

Myn wetteboek hat Brjucht yn bislach noam.

(*Brjucht, ek glimkjende, jowt Oets it wetboek oer.*)

O e t s .

Ik seil ris sjen, mar ik leau net dat it hwetjaen seil, frou! (*Hij blêddet yn 't boek om.*)

T r y n .

Dou moast er dij earst mar is op bisliepe, Doutsen! Foart it gerjucht er bij to heljen, gekheid allegearre. Dou moast sa mar tinke: de mearste manljue is al in stek oan los.

Brjucht.

Gjin einfûgel sa wyt, of er is wol in swart fearke oan to finen.

Oets, *tsjin Doutsen.*

Nou frou, ik kin hjir neat yn fine, dat jou helpe kin, hear! Mei de âlde wet wie er wol 't ien en 't oar biskrjeaun oer dadelike skieding, mar mei '48 is dat forfallen.

Tryn.

Dat is ek mar goed, hwent oars scoenen hja op 't grytenijhûs wol oan 'e gong bljúwe kinne. Hjoed trouwe, moarn skiede, en oeremoarn wer trouwe, hwent min kin dochs net búten elkoar, is 't net wier?

Arjen.

Tryn praet sa 't is, dat moat ik sizze.

Doutsen.

Lit dat nou wêze lyk as 't wol, mar 't is bij mij gjin wizansje for in trouwd kearel, om bij sa'n klitse mar yn 'e hûs to fleanen.

Arjen.

Ik ha hjar mar efkes thúsbrocht en mear neat. 't Giet dochs net oan om 'e skroar yn 'e nacht allinne nei hûs ta gean to litten.

Brjucht.

Binammen net as 't roettsjuster is en as 't reint dat it spielt.

A r j e n.

Nou, do ha ik hjar ris thúsbrocht en do frege hja mij bij de doar as ik ris opstekke woe. Ik sei: „hea, hâlde jou er tabak op nei?” — „Ja,” sei se. En do joech hja mij de doase. Dy lyke mij moaita en ik sei. „dy moat ik mar keapje, hwent jou dochge 'r dochs neat mei.” — „Ei né” — sei se — hij is hjir ris lizzen bljeaun, mar ik wit net fen wa.” En sa krige ik him. En 't oare kin 'k dij ek wol dúdlik meitsje, Doutsen.

D o u t s e n.

't Is mij al dúdlik genôch, jonkje. Mar hawar, ik scil dit dan noch ris oersljuchtsje; mar ast wer bigjinste to slinen, dan gean ik oer de wet fen '48 hinne, hear! Oars moat in frommis der altyd ûndertroch. — Ho let is 't, Tryn?

T r y n.

Myn sloof, 't is nacht, safier is 't hinne. En nou ha 'k mei al dy alteraesje gjin spui-út klear. Myn fjûr is útgien en in sûpke ha 'k ek net stean. Dat 's net fortrouwd om Brjucht, sjoch je. (*Brjucht sjocht hjar skean oan, Tryn glimket der om.*) Mar in kâlde pankoek kin 'k jimme noch al presentearje.

B r j u c h t.

Witte jimme *hwet*, folk? Moarnjoun meielkoar nei de kemeedsje, tinkt mij. Dan kinne wij bij Wiger de skea wol wer ynhelje. Wij scille der meienoar noch wol ynkinne en oars moatte de frouljue op 'e . . .

O e t s.

Skoat!

Brjucht.

Né, slynder, dat bidoelde ik net. Op 'e tafel woe 'k sizze.

Oets.

Nou, as ik dan dochs san bytsje doarwaerderje moat, dan moat ik dat mar ris foarenoar bringe, tinkt mij. Ik seil 't allegearre neffens de wet yn oarder sette, dat biloaf ik jimme. As 't dan mar frede is.

Tryn.

Moai sein, doarwaerder! Jou bringe 't noch alhiel yn 'e es. Dat dochge de mearste doarwaerders oars net. Dy helje de boel útenoar.

Doutsen, (*giet oerein.*)

Nou hawar, dat moat dan mar. (*Sjocht Arjen fjuensk oan:*) Min hâld dan dochs mar wer fiersen to folle fen dy manljue, nou? Nou Tryn, wol to rêsten! Brjucht, ynsgelyks. (*Hja docht de greate doek hielenal oer de holle hinne. Allegearre ôf, Doutsen efteroan.*)

Tryn, (*as de oaren ôfgeane.*)

Doutsen, woste de pikelherring ek meinimme? Dou hast nou dochs ienkear om de kroade frege.

Doutsen, (*om 'e hoeke fen 'e doar.*)

Né, flap dy mar ûnder dyn plat hoedsje! Nou, nacht hear! (*Of.*)

27ste Toaniel.

Brjucht.

Dat hawwe wer bilibbe, sei Feike, en hij koam yn Juli noch to nyjier roppen. Witste hwet..... it is let, ik stap dadlik oer de planke en dan is 't: nacht Nynke!

Tryn.

Ik seil de laempe útblaze en dan dij, nei artikel 214, efternei komme, en dan is 't: nacht Brjucht!

Brjucht.

Yn oarder, hear! (Of.)

Tryn, (*nimt de hearring bij de stirt út de kladde, rint er mei it toaniel roun en giet dan ôf, roppende:*)

Poes! Poes! Poes!

(*It kleeft falt.*)

SLOTSANG.

(WIJZE: „Simmermoarn" — *Frysk Lietedboek*, No. 30.)

I.

Hat dizze stoarje
 Elts hjir hwet wille joun;
 Ha jimm' oan 't spyljen
 Aerigheid foun,
 Dan sjochge sikerwier,
 De spilers tige blier
 Draeie hja fleurich strak yn it roun.

2

Slinen en snoepen,
 Al hiet it ek in grap, —
 Elkoar bidrage
 Stiet nimmen gnap.
 Is ienkear 't jawud joun,
 Dan hat min jin forboun;
 Oertink dos goed it dwaen fen dy stap.

3

Simmers bij droechte,
 As 't wetter hjar net keart,
 Giet mannich kouke
 Troch wâl en sleat.
 Mar och, san domme kou
 Wit fen gjin wetboek ôf,
 En och sok slinen let siker neat.

4

Mar trouwde minsken,
 Dy past gjin slinerij,
 Ha jimm' in wearhelt'
 Bljûw dan derbij.
 Hwent it gesoun forstân,
 Dat leit jimm' oan 'e bân,
 Forbiedt ûntrou en echtbrekkerij.

(As it gerdyn wer omheech moat.)

(WIJZE: *Ju, zoals Gij, enz.*)

It skimert jin for eagen,
 Safier is 't rounom komd,

Er wirdt bij eltse drokte
 In wetsartikel nomd.
 De deade letters sprekke,
 Bij heech of leech beslút,
 Soms tsjin forstân en fieling,
 It wreedste fonnis út.

Al dat gerei,	} <i>Twa kear.</i>
Och minsken, smyt it wei.	
As w' oars net mei'noar kinne	
Is alle lok dochs wei.	

2

Wa wist yn âlde tiden
 Fèn „boargerlike stân” ?
 En fen de wetsartikels
 Omtrent de houliksbân ?
 Min noam elkoar út ljeafde
 En 't waerd ek mei'noar redt,
 Al socht min do yn wetten
 De heechste wiisheid net.
 Al dat gerei, enz. enz.

